[0241] ONBIKENDE MIDFRYSKE SKRIUWERS (II)

4. *R. Harda* hat by de frentsjerter *Disputatio juridica, de mutua successione parentum & liberorum, quorum hi Romanensium sacra colunt, illi verò religionem reformatam profitentur* fan *Joannes Albarda* in fers skreaun : *Op jt djspuwtearjjn fen dy ljeap yn rjeucht, in wittne trogkruwpene brauw jong tzjerl Jan Albarda* (1709A). Hwa wie R. Harda? Yn it matrikel fan de frentsjerter akadeemje stiet er op 5 sept. 1704 ynskreaun as *Romco Harda, Leov. Frisius* en neffens H. Sannes syn hânskriftlike oantekeningen [1]) wie Romcke Harda yn 1727/28 praeceptor fan de latynske skoalle yn Ljouwert.

De swierrichheit wie nou om gewaer to wurden, hwa't de âlden fan Romke Harda west hawwe. Yn de ljouwerter doopboeken wurdt gjin Romke Harda neamd, en wy moasten dus neigean hokker Romke, doopt yn Ljouwert yn de tachtiger jierren fan de l7de ieu, ús dichter west hat. Fan bilang wie dêrby foaral it neikommende dat wy founen yn de bylagen fan de Sivile Sentinsje fan it Hof fan Fryslân, 554-12. Op 12 juny 1731 forklearret „D^{s} Rombartus Harda Præceptor van de tweede Latijnse School binnen Leeuwarden, olt groot 40. jaren", as tsjûge ûnder mear, dat "hij getuige gebooren is op Burmania-huijs binnen Leeuwarden, en aldaer lange jaren gewoont heeft met sijn Ouders". De oprop om as tsjûge to forskinen wurdt ûnder mear stjûrd oan *dom^{s} harda* en *de moeder,* sa't se yn de marge fan de sitaesje fan 2 maeije 1731 neamd wurde, wylst yn it eksploat fan 24 maeije en yn de sitaesje fan 4 juny sprake is fan *Dieuwke (Dieucke) Harda,* en *D^{s} Rombartus Harda (Harde).* (In tsjûgeforklearring fan Dieucke Harda ha ik lykwols net fine kinnen). De heit fan Romke Harda wurdt net neamd; dy sil yn 1731 net mear libbe ha, en de mem hiet dus fan *Dieucke;* hysels moat berne wêze net al to lang foar 1691. Yn 1689 wurdt yn Ljouwert op 1 desimber in *Romcke een Zoon van Sijbbe Sijmons* doopt en op 11 maert *1687 Romcke* in soan fan *Laas Gerrijts.* De Romkes fan 1684 of earder kinne wy wol forwaerloazgje nou't wy witte, dat Romke Harda yn 1731 "groot 40. jaren" wie. De kar tusken de twa lêste mooglikheden is net slim mear, as wy oan de iene kant yn it ljouwerter trouboek sjogge, dat op 8 april 1682 oan Sijbe Simens en Trijntie Romkes „de houwelijx geboden gegunt" binne, wylst wy de namme fan Romke Harda syn mem *Dieuke* weromfine yn it ljouwerter lidmateboek dêr't stiet, dat *Laes Gerridts ende Dieuwke Romkes van Minderscha* mei attestaesje oerkommen binne op 26 desimber 1683[2]). Yn de tsjerkeboeken fan Minnertsgea fine wy noch inkelde kostlike gegevens: "Dijeuwcke Romkes [3]) jonge dochter, de Dienstmaaghd van den wel-eedelen Heere, Jr: Tzijallingh Homme van Camstra, is met Attestatie van Franeker bij ons aengekomen, à Dato den 24. Maij:

1) Biwarre op it Letterkundich Museum op it Coulonhûs yn Ljouwert.
2) Neffens kopy fan it ljouwerter lidmateboek op it Stêdsarchyf yn Ljouwert.
3) *Romkes* letter forbettere út sokssahwat as *Rommers*?

1671. onder de handt en uijt den name des Kercken-Raeds. Regnerus Reen: Sijmmijsta Franeq*uerensis* - is den 20 dec. *1683*. met Attestatie over gaen na Leeuwarden". Op 10 juny 1677 trouwe yn Minnertsgea: *Laes Gerrits van Minderscha ende Dieuke Romkes tot Leeuwaerden* (proklamaesjes op 22 en 29 april en 6 maeije). En op 22 july 1677 „is op de belijdenisse des geloofs tot dese Christelijke Gemeente toe gedaen" ûnder mear: „Laes Gerridts. is den 20 dec: *1683*. Attestatie gepasseert omme tot Leuwarden te Cumuniceren". By de dopelingen fine wy yn 1678*:* "Gerrit ende Romke Laases sijn gedoopt den 6 Januarij zonen en twee-lingen van Laes Gerrits" mei deroan taheakke: „de Bestemoeder Sijdts Hessels Mette". Yn Ljouwert wurdt dus letter yn deselde húshâlding wer in Romke berne, dy't op 11 maert 1687 doopt wurdt.

Romke, letter stéfêst *Romke* of *Rombartus Harda* neamd, fine wy nei syn studintetiid it earst werom yn de Ljouwerter autorisaesjeboeken op 7-2-1728: „Romke Harda Præceptor in de Latijnse School tot Leeuwarden" wurdt autorisearre ta „Administrator over de goederen van Wijl: de Juff^{r} Maria Coops" dy't Jacobus Lolcama urven hat, "vermits vrijwillige afstant van Abraham en Jorrijt Lolcama geweesene administrators van de selve goederen" [1]). De tsjûgeforklearring fan juny 1731 ha wy al neamd. Op 22 juny 1742 moat "Romcke Harda twede Præceptor van de Latijnse School binnen Leeuwarden, oud groot 50 jaeren" nochris tsjûgje [2]). Yn of foar 1748 moat er forstoarn wêze; yn de ljouwerter autorisaesjeboeken lêze wy yn in akte fan 9 maert 1748 [3]), dat de ljouwerter notaris Romke Sylstra ta kurator bineamd wurdt oer de abandonnearre boedel fan „W. D^{us} Romke Harda in leven tweede Præceptor van de Latijnse Scholen alhier", op forsyk fan „Dr Bernhardus Joannes Swalue regerend burgem^{r} deser stad voor hem selfs en als gelastigde van Vrouw Anskien van Dois wed^{e} Haersma, en Van de Heer Henricus Wiardus van Altena, ende Dr Henricus de Bucquoij, als gelastigde van de gesamentlyke erfgen: van W: Fokkien Eelkema w^{e} van Houten te samen hypotecaire en geregistreerde Crediteuren" fan Romke Harda. Finansjeel bylkje de útkomsten fan Harda syn libben dus net sa bisonder. Hy liket it syn libben lang maetskiplik ek net fierder skopt to hawwen as ta *(tweede) Præceptor van de Latijnse Scho(o)1(en)* (ienkear stiet der *præceptor van de tweede Latijnse School)* yn Ljouwert. Fan in houlik blykt ús út de ljouwerter boeken neat, wylst wy ek fan syn dea fierder neat yn de boeken foun hawwe.

Doe't wy R. Harda as Romke Lases thúsbrocht hiene, foel ús each op it ûnderskrift *Z.L.R*. Under it fers *Oon dy ljeap yn wittne brauw jong tzjerl Hendrick Freerck de Boer. As hy ynne heage Schoalle fin Frentjer schoe twistmuwlkje oer dy forschynning fen uwz Silligmeytser ney syn opstânning oeyt din deadin* (1708B) yn de frentsjerter *Disputatio de apparitionibus Jesu Christi ex mortuis suscitati* fan *Henricus Fredericus de Boer.* Wy hiene nammentlik op it earste gesicht oanstriid om dy letters oarsom to lêzen as *R(omke) L(aases)* Z(oon). Wy ha fan sokke initialen yn omkearde folchoarder út dy tiid noch wol mear foarbylden foun. Wumkes [4]) forklearret de initialen *M.T.I.A*. foar

1) Ljouwerter Autorisaesjeboeken W13 fol. 199^{v}.
2) Bylagen Sivile Sentinsje fan it Hof fan Fryslân 712-3.
3) Ljouwerter Autorisaesjeboeken W15 fol. 14^{v}.
4) Wumkes, Paden IV, s. 252 ff.

de útjower fan H.S. v. S. syn *Mengeldichten,* útjown by Hero Nauta yn Ljouwert yn 1683, as *AdrIaen TyMens,* en as ik Wumkes syn stik sa trochlês, liket dat yndied in hiele reële mooglikheit. By J.I. van Doorninck fine wy yn syn *Vermomde en Naamlooze Schrijvers,* dl. I (Leiden 1883), kol. 670, *Z.H.H.T.* oplost as *Teunis Horneer Hzoon* (yn 1755), en A. de Kempenaer hat yn syn *Vermomde en Naamlooze Schrijvers,* in forfolch op it boek fan Van Doorninck, fan 1928, yn kol. 502 *Z.J.E. v. J* as *J. van Egmont Jz.* (yn 1748) en *Z.J.H.T.J.* as *J. 't Hooft Jz.* (yn 1781). Ien en oar biwiist wol, dat it yn omkearde folchoarder skriuwen fan initialen yn dy tiid wol mear yn gebrûk wie, en dat docht ús neat gjin nij : it oarsomskriuwen is noch altyd in gongber procédé foar riedsel-grapkes, en as in skriuwer(-studint!) fan in dissertaesje-ferske syn namme net folút skriuwt en him forskûlet efter initialen, dan leit it yn 'e reden dat er bytiden noch mear (foar syn freonen sabeare, mar foar ús echt) forside krûpt, b.g. troch dy initialen forkeardom to skriuwen. Dat de ûnderstelling *Z.L.R.* = *Romke Laas(es) Zoon* hat op himsels hiel wol eigenskip.

Hat dy ûnderstelling hâld yn in forliking fan de beide fersen sels? De meast opfallende oerienkomst tusken beide fersen is it greate tal ontlieningen oan Gysbert Japiks [1]) yn it bistek fan 32 (1709A) en 40 rigels (1708B). Yn 1709A, ûndertekene mei *R. Harda,* steane b.g. dizze ontlieningen út G. J. syn brieven: yn it ûnderskrift: *Oeyt de brân* (cf. Brief XIX: Dit uwtte brân fen jon E.); en *Greatte in allre stuwnnin greattir Stalcke* (cf. it opskrift fan Brief XVIII: Greatte, alle stuwne jiette greatter: ja! aller-greaste Stalcke); rigel 5: *Stoe my de holle nuw ney rymjen* (cf. Brief XIX: de holle stiet my jinwirdig alle-heel naet ney rymjen); rigels 21-22: *Dy him jin spreckt, dy lyckt toa queackjin/ Puwr az dy froasckin jin Latoan* (cf. Brief IX: al-hoe-wol me fen dy matearje dear jon *Musa* op wircket naet, az mey dy greatste schânne (allyck dy froasken jin *Latoana)* kueackje kin). Ut G. J. syn foaropwurd kenne wy rigel 2: *Ljeave Lanzljue ruwne Fries* (cf. Ljeafd'-wirddige Lânz-ljue, ruwne Friesen). En oan de *Tjerne* dogge ús tinken de útroppen yn rigel *1: Hilla! het stof? hjer moat min schrieuwe* (cf. Tjerne, r. 49: Hilla! het Famke sjog ick dear?) en yn rigel 12: *Lan Gean'! het is 't, dat hjer oan schirt?* (cf. Tjerne, r. 35: Lân-geanne! ljeave Ljue! Hier kinnes 't ytten meytse). Wurden en situaesjes út it *Minne-Fjuecht-Spil* binne forarbeide yn de rigels 17-18: *Kirt om 't is JAN, dy dogt forschittin / Al 't reauw fin syn moedgreatt' perty* (cf. Minne-Fjuecht-Spil, r. 14-17: Mar do dy Bingel al sijn reauw / Forschetten hie, Hy stoe yn' dodde, / In mecke' in (quansquijz) eangstig kreauw. / Ick, moed-great, oon: ...). De rigels 27-28: *Het minsck, dy syn wirddy wirddearrit, / Neamt him nin puwck in treast fen 't lân?* komme foar in part út *Ljeafde* (r. 17-18: Het Minsche fljuecht so heag, / Dy dijn wirddy' wirddearje kin). Yn *Lân-geane* fine wy werom rigel 8: *Yenfâdig, sljuecht in rjuecht ick sjong* (cf. Lân-geane, r. 52-54: Dat wy DY dear lof foor sjonge, / Ad in Jonge / From, yen-fâdig, *sljuecht in rjuecht);* en yn it *Græf-schrifte oere Kening fenne Sweden* út it opskrift: *Ljeap yn rjuecht, in Wittne* (cf. Græf-schrifte, r. 13: Yn 't rie-jaen wier ick nolck in firddig, ljeap

1) Foar de Gysbert-sitaten sjoch Gysbert Japix, Friesche Rymlerye, Leuward, 1681 (of Franeker 1684), en Gysbert Japicx Wirken (ed.-Brouwer-Haantjes-Sipma, Boalsert 1936). Foar de Harda-sitaten sjoch Estrikken XX.

in witt'ene). De rigels 29-32 oan de ein - *Zoa fort myn Frjuen, dit moastuw hinne, / Bruwck mar fort oan dyn rjuechte schonck, / 'T mist neat, duw sitte den byrinne / Yen earre Krans, dy hingt by honck* - bringe ús qua ynhâld Tetke' formoanning yn *Sjolle Kreamer in Tetke* yn 't sin (cf. foar *byrinne* r. 13: Ick berinn't licht oppe juwn; en foar *hinne* r. 144: Du ney huws. ick op in hinne), wylst wy foar it rym *schonck-honck* faeks in foarbyld hawwe yn Psalm 85 (r. 12-14: Bekearje' uwz, God uwz wol-fearts, bringe' uwz t'honck /'t Hiet-fall'gjen fen jon bloed', yn kieltme bet. / Sett', yvigh Y, oer-dwerz', Jon fjuecht-sjeack' schonck?)

Harda hat blykber de Gysbert-útjefte fan 1681 (of 1684) lêzen, dêr't ek Gysbert syn brieven yn steane, en hy *ken* syn Gysbert. It is hiel wol mooglik, dat my noch Gysbert-ontlieningen yn syn fers ontkommen binne. Yn 1708B (ûnderskreaun *Z.L.R.*) is ontliend út deselde boarnen, mar út de aerd fan it fers spylje binammen de psalmen hjir in greate rol. Yn it hiele lêste stik fan ús fers, de rigels 29-40, fine wy b.g.: (29-30) *Hoe Jesus ynn' er tyd', belaâden / Mey uwz quea seer*, ... (cf. 25. Psalme, r. 41: Mijn on-g'rjuechtheyts suwn' quea-seer, / Dy great, oer-great, my oer-laede); (31) *Huynd in told' ondre schom, . . .* (cf. *Foor-sis fen 't Lyen uws Sillig-meytsers,* r. 86: In told' wirdde' ondre schom in guwt); (33-34) *Om heag, dear hy nuw is folmacke, / Sijn holl' om eer kransg' in omtacke* (cf. 8. Psalme, r. 21: Mar heachlijck de' holle' om eer-kransge in om-tacke?); (35-37, 39-40) *Sijn freuchd' nin tong' uwtsprecke mey, / Nin ear heard; lanz dy hymmel wey / Wol hy, dy hy by Goad betocht het,* [...] */ Yn lied' om d'eer fin syn namme / By him yn sillg' eynleazheit AM'EN.* (cf. 16. Psalme, r. 33-36: Y sille dy blye', oer-blye', hymmel-wey, / 't Rjuecht' libbens paed, rjuecht lanz, my liede' in stjoere. / Freugd', dy ear heard', nog tonge' uwt-sprecke mey, / Is by jon eansichte' yvig, buwtte eyn-oere). Wy moatte oan de ta-eigening fan de *Friesche Herder* tinke, as wy lêze yn de rigels 5-6: *Yen Friesche BOER moat onderhâde / Yen menneer, dy oors schoe forkâde* (cf. Ta-eigening Friesche Herder, r. 3-5: De frjuenschip recket oon 't forkâdjen,/ Oon 't kluynjen, klomjen, oon 't forâdjen,/ Wenneerse naet wirt onder-hâden). It ûnderskrift : *Dy 't wol oors meytse schoe, / Az hy 't mar uwtje koe* fine wy werom yn Brief XVIII (ick kint 't naet oorz uwttje). *Stalcke* yn itselde ûnderskrift is de klassike Gysbert- of alteast Rymlerije-stavering fan it wol faker yn ditsoarte fersen brûkte wurd; de skriuwwize *Stalcke* komt yn de dissertaesjeferskes inkeld yn de beide hjir bihannele fersen 1708B en 1709A foar *(Stalck* ek yn 1719C, dat wol yn mear opsichten tobekgiet op 1709A). It *Hilla,* fan rigel 15, dat wy ek al yn 1709A founen, komt allyksa, hwat de dissertaesjeferskes oangiet, inkeld yn ús beide fersen foar (en yn de neifolging 1719C). It *Ljeap yn wittne* fan it opskrift stiet hast noch tichterby G. J. syn formulearring yn it *Græf-schrifte oere Kening fenne Sweden* as it boppe oan-helle stikje út it opskrift fan 1709A. *Jeny* út de earste rigel: *Jeny! Hoe stiet dy Minsck in gappjet?* fine wy werom yn *Tjesckmoars See-ængste* (r. 101: Jeny! ho mey 't komme kinne). Rigel 12: *My tinst ick fin my salm' ontfljueg* bringt ús in stikmannich Gysbert-rigels tagelyk yn 't sin (b.g. yn *Wobbelke* r. 14: O! 't hert ontfljuecht my beyd' mijn eagen trog; yn *Ontsleyn' hert* r. 6: Dy my mijn eyn-salme' ontstelt, of út it fers op in *Herder-kussende Herderinne* r. 5: Fijt'! him tocht him salm t'ontrinnen). De „Gysbert-wurden" (?) *Fijt* en *by*

djoe (*r.* 10) passe aerdich yn it totaelbyld fan de Gysbert-ontlieningen, mar bliuwe fansels details. Hwat fuort opfalt binne lykwols de oanhalen út *Reamer in Sape* yn r. 13-14: *Min wrockit in min bret krakeelen, / Al het er uwt koam wiern' forscheelen* (cf. Reamer in Sape, r. 55-56: In me bret krakeelen, / Schortting, moeyte' in schelen); en yn r. 19-22: *Den scheel set Tjerck yn Wer in roer, / Ja d'heele Wrâd yn koal ljeaucht fjoer. / Mar uuvz HENDRICK dy djiept noag wjiette / Om 't gleone fjoer weer uwt to jiette* (cf. Reamer in Sape, r. 61-64: *Scheel* set Tjercke' yn wer yn roer, / Ja de wrad yn koal-ljeacht fjoer, / Och! wa djiept nu wiette? / Wa sil 't gleon uwt-jiette?) Hwat frijer wurdt Gysbert Japiks brûkt yn de hjirop folgjende rigels 25-26: *Mar fryfjuecht, to uwz Friesen gloarje, / Oorz nearn' mey, az mey d'hillg' extoarje* (cf. *Op 't oonfirdigjen fen Frieslânz Schyd-Schrieuw-Aempt, fen S.A. Gabema,* r. 41-45: O! het kijtsje ick, to Frieslânz gloarje, / 't Fry fjuechtgen fen Lânz twinglândy', / Fen Noare in Noardsche Wriggery, / Yn gouwne lett're yen wiere extoarje / To miette....) Hwat de dichter syn kunde oan en brûken fan G.J. oangiet, soe der dus gjin biswier tsjin wêze oan 1708B oan R. Harda ta to skriuwen.

Ek de stavering fan beide fersen stiet tige ûnder ynfloed fan de Rymlerije; lyksoartige tendinzen as by G. J. (bytiden noch sterker) sjogge wy b.g. yn de foarkar foar dûbele konsonanten, de *â,* de *uw*-forbining, *oeyt, dear,* gauris in *i* yn toanleas wurdlid; de *æ* dy't yn de Rymlerije net sa royael mear brûkt wurdt, komt yn de beide fersen alhiel net foar, ensfh. Mar sa'n Gysbert-biynfloeding yn wurden, idéen en stavering wie yn fersen fan dy tiid net ongewoan. It feit, dat beide fersen gâns ynfloed fan de Rymlerije sjen litte, mei der op himsels foar pleitsje om beide fersen oan de selde auteur ta to skriuwen, it hat minder biwizende krêft as oerienkomsten, dy't inkeld oan de beide fersen sels eigen binne.

Bisjogge wy dêrom ta bislút de beide fersen op harsels. Hwat de fersfoarm oangiet, beide fersen binne yn prinsipe skreaun yn fjouwerfuottige jamben mei wikseling tusken rigels fan 9 wurdlidden mei froulik rym, en guon fan 8 wurdlidden mei manlik rym. Yn 1709A wikselt hieltyd ien rigel fan 9 wurdlidden mei ien fan 8, sadat it rymskema *abab* wurdt; yn 1708B wikselje de rigels twa by twa, dat it rymskema *aabb* opleveret. De hanneling sels, yn beide fersen opsierd mei útroppen, lykas *Hilla!, Lan Gean'!* (1709A), of *Jeny!, Fijt!, Hilla!* (1708B), is de réaksje fan in meilibjend taskôger, “stalcke" fan de defendens, dy't om bar syn fornuvering oer en ôfkear fan de tsierderij en de tsierders, en syn biwondering en sympaty foar de defendens útsprekt. Yn 1709A biskreaun fan de dichter dy't - net graech - hwat skriuwe moat en “yen-fâdig, sljuecht in rjuecht" derfan sjongt, yn 1708B troch de taskôger, dy't de omstanners de spanning fan gesicht en hâlding ôflêze kinne; yn 1709A mei in ôfsluting oer de ,,earre Krans" dy't de defendens sels "byrinne" sil, yn 1708B mei in theologyske ôfsluting oer de stof fan de dissertaesje sels.

De opskriften fan beide fersen ha in mienskiplike kearn: yn 1709A dy *Ljeap yn rjeucht, in Wittne trogkruwpene Brauw Jong Tzjerl* en yn 1708B *Dy Ljeap yn wittne Brauw Jong Tzjerl.* Beide fersen binne ûnderskreaun *trog dyn Stalcke,* opsierd mei hwat dichterlike omballingen. Folle karakteristike mienskiplike wurden of sinnen binne der net to finen; dêrta rint de stof wer to fier útinoar en binne de Gysbert-ontlieningen to folle en to forskillend. Dat de defendens

dear jinder, dear boppin stiet (1709A) of *dear bopp' op dat gestoelt* tsjocht (1708B), of sokssahwat, komt faker foar yn de réaliteit en de fersen fan dy tiid. Dat der yn 1709A stiet: *My tinzt ick kirt my selm forlies* en yn 1708B: *My tinst ick fin my salm' ontfljueg,* liket der hwat better op, wylst ek it *Lan Gean' ! het is 't, dat hjer oan schirt?* fan 1709A wol liket op de - ek yn oare dissertaesjeferskes nammers net ontinkbere - útroppen yn 1708B: *Hilla! Loyts! for soan' getjier!/ For soan' gegjiealp! het meits' jiemm' hjier?* Dat beide fersen mei in útroppende ynterjeksje bigjinne *(Hilla !* 1709A, en *Jeny !* 1708B), is faeks wer in net genôch eksklusive oerienkomst. 1709A en 1708B ûnderskiede har fan de oare dissertaesje-ferskes troch wurden as *wittne* (ek yn 1708C; yn tsjinstelling ta G. J. liket it wurd yn dizze fersen eins altyd meast op in substantyf), *ljeap* (alteast yn dizze stavering; mar ek sa yn de neifolging 1719C), *Hilla!* en *Stalcke* (sjoch hjirboppe).

Al mei al op it lytse gebiet, dat der foar de eigen foarmjowing fan de dichter oerbliuwt, genôch oerienkomsten om myn hypotese *Z.L.R. = Romke Lases Zoon* mooglik en oannimlik to meitsjen. Faeks dat in folsleiner analyse fan alle dissertaesjefersen noch hwat mear ljocht jaen kin ek yn dizze saek. Yn sa'n analyse sil ek de syntaksis syn needsaeklik gerak krije kinne. Mar dat leit bûten it bistek fan dizze artikelrige en moat wachtsje ont myn dissertaesje.

Toan en opset fan 1708B en 1709A binne dúdlikernôch folle "litterairder" as dy fan de beide ferskes fan Johannes Heersma, dy't wy hjirnei bihannelje sille.